

PARSEBERJOCHT

31 desimber 2019

Lansearring nij Frysk muzykkanaal by ûntknoping Fryske top 100

Yn de útstjoering fan de Fryske top 100 op âldjiersdei lansearre Omrop Fryslân in nij online muzykkanaal foar Frysktalige muzyk: 'Alles Frysk'. Op it online kanaal is 24 oeren deis muzyk fan Fryske artysten te hearren. Fansels ek de nûmer ien fan de Fryske top 100 fan 2019: Gurbe Douwstra mei 'Cliffs of Moher'.

Nei de ferrassende nûmer ien fan ferline jier, 'Ik wie smoar' fan Oele Plop, is it heechste plak yn de Fryske top 100 fan 2019 wer foar 'Cliffs of Moher'. Dat nûmer stie al acht kear earder op ien. Op twa stiet 'Marije Maria' fan Reboelje en de top trije wurdt kompleet makke mei 'In nije dei' fan De Kast (live). Yn totaal waarden dit jier 41.125 stimmen útbrocht op de Fryske top 100. De folsleine list is te finen op Frysketop100.nl.

Alles Frysk

Yn de útstjoering fan de Fryske top 100 lansearren leden fan Folkkoar Rolling Home it nije online muzykkanaal 'Alles Frysk'. Op dat kanaal is 24 oeren deis muzyk fan Fryske artysten te hearren. Fan De Hûnekop, Piter Wilkens en Griet Wiersma oant De Kast en The Bounty Hunters. Wim Brons is de stim fan 'Alles Frysk' en ien fan redakteuren dy't de muzyk foar it kanaal útsiket: "Ast ferlet hast fan Frysktalige muzyk, sûnder nijs of in presintator, dan moatst lekker 'Alles Frysk' opsette. We hawwe de kar út sa'n twatûzen titels. Fansels komme de hits dy't ek yn de Fryske top 100 steane foarby, mar ek nûmers dy't wat minder faak te hearren binne. Frysker wurdt it net!". Alles Frysk is te beharkjen fia Omropfryslan.nl/live en de Omrop-app.

Noat foar de redaksje:

Boarnefermelding ôfbylding: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

31 december 2019

Lancering nieuw Fries muziekkanaal bij ontknoping Fryske top 100

Tijdens de uitzending van de Fryske top 100 op oudejaarsdag lanceerde Omrop Fryslân een nieuw online muziekkanaal voor Friestalige muziek: 'Alles Frysk'. Op het online kanaal is 24 uur per dag muziek van Friese artiesten te horen. Natuurlijk ook de nummer een van de Fryske top 100 van 2019: Gurbe Douwstra met 'Cliffs of Moher'.

Na de verrassende nummer een van vorig jaar, 'Ik wie smoar' van Oele Plop, is de hoogste plek in de Fryske top 100 van 2019 weer voor 'Cliffs of Moher'. Dat nummer stond al acht keer eerder op een. Op twee staat 'Marije Maria' van Reboelje en de top drie wordt compleet gemaakt met 'In nije dei' van De Kast (live). In totaal werden dit jaar 41.125 stemmen uitgebracht op de Fryske top 100. De volledige lijst is te vinden op Frysketop100.nl.

Alles Frysk

Tijdens de uitzending van de Fryske top 100 lanceerden leden van Folkkoor Rolling Home het nieuwe online muziekkanaal 'Alles Frysk'. Op dat kanaal is 24 uur per dag muziek van Friese artiesten te horen. Van De Hûnekop, Piter Wilkens en Griet Wiersma tot De Kast en The Bounty Hunters. Wim Brons is de stem van 'Alles Frysk' en een van redacteuren die de muziek voor het kanaal uitzoekt: "Ast ferlet hast fan Frysktalige muzyk, sûnder nijs of in presintator, dan moastst lekker 'Alles Frysk' opsette. We hawwe de kar út sa'n twatûzen titels. Fansels komme de hits dy't ek yn de Fryske top 100 steane foarby, mar ek nûmers dy't wat minder faak te hearren binne. Frysker wurdt it net!". Alles Frysk is te beluisteren via Omropfryslan.nl/live en de Omrop-app.

Noot voor de redactie:

Bronvermelding afbeelding: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.

Vertaling quote:

"Als je behoefte hebt aan Friestalige muziek, zonder nieuws of een presentator, dan moet je lekker 'Alles Frysk' opzetten. We hebben de keuze uit zo'n tweeduizend titels. Natuurlijk komen de hits die ook in de Fryske top 100 staan voorbij, maar ook nummers die wat minder vaak te horen zijn. Frysker wordt het niet!"